

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sybren Posthumus
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	27 maaie 2020
Wurklistpunt	Sjenswize begrutting 2021/wizige begrutting 2020 SNN
Koarte titel fan de moasje	Underbouwing marktconformiteit húsfestingskosten HNP Brussel
De Steaten, yn gearkomste byien op de 27 ^e fan blommemoanne 2020 heard hawwende de rieplachting; konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none">de kosten foar de provinsjes fan de hier fan it HNP (Huis Nederlandse Provincies) yn Brussel yn 2020 mei 100% tanommen binne (fan € 102.000 nei € 204.000 per jier)de finansjele reserves en budzjettêre mooglikheden foar de provinsje ferminderje en ek net gunstiger lykje te wurden de kommende jierren	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none">dat in ferliking op basis fan priis/kwaliteit fan kantoar/ûntfangstromtes in goede ûnderhannelingsposysje biede kinin monopolistyske situaasje fan it HNP gjin reden wêze mei om net kritysk te wezen op de kosten	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none">in ûnderbouwing te jaan fan de 'marktconformiteit' fan de hier fan it HNP op basis fan priis/kwaliteitPS op de hichte te stellen fan de útkomst fan de ferliking en de mooglike aksjes as gefolch dêrfan	
en gean oer ta de oarder fan de dei	

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, S. Posthumus

MOASJE